

## PARSEBERJOCHT

### Ho Wu en Misty Mac

Dit boartlike feuilleton fan koarte fiksje oer twa sakelju lit, lykas it romanwurk fan Aggie van der Meer, in ûntrêstgjend ljocht skine op sa't it liket oan har omstannichheden oanpaste karakters dy't har minuskule, nea hielendal te bedamjen út de stap rinnen ynmitselje yn har eksistinsje.

Mei oerdiedige dialooch, en dêrtroch in neatich plak foar aksje, lit de skriuwer de benearjende ynertens sjen fan de neoliberale fersaakliking. “Stjoere se net, oerdeis of nachts, in miljard of wat de wrâld yn, op 'e syk nei de bêste ynvestearing? Wit de trochsneed boarger, de túntsjesitter, de strjitsjefeier, wat dat opsmyt oan nij jild en ferlet fan jild, oan gelok en ferlet fan gelok?” Mar op de grins fan banaliteit of clowneskheid keare de—altyd *self-serving*—petearen om en giet ‘small talk’ oer yn ‘big talk’. “Sa mâl wie it net dat sy stadich de measte taken fan dy stymske en ritige goaden oernamen, dochs? En hearst har dêr oer? Komt it noch yn har op ergens in finger foar te stekken? Hawwe se taslein doe't wy har ynruilen foar Monsanto?”

Sadwaande is Ho Wu en Misty Mac te lêzen as in kommentaar op de politike en maatskiplike aktualiteit. De goaden hawwe har nut ferlern, mearkes “hawwe har funksje, jawis, mar krekt as mei alle oare ferbylding is it saak en tink derom.” Dat spiritualiteit en idealen ferdwûn binne út de ûnttsjoende wrâld fan it almachtige bedriuwslibben is ynternalisearre, men is der blyn foar: “De sigarewinkel wie gewoan iepen. Se stutsen thús ien op. Se klonken op 'e fisieuze sirkel” dy't de klimaattop yn Parys net trochbrekke soe. Tagelyk hellet de ûnmooglikheid fan desertearen út harren universum it oerflak fan it bewustwêzen, inkeld metafoarysk mar dochs: Wu “fielde him as Napoleon op Elba.”

De tragyske held is ferfrjemde fan in aspekt fan syn eigen minsklikens. Unbehearskbere emoasjes komme him oer 't mad. De ferfrjemding wurdt absorbearre yn de idealisearre mar donkere selsportretten dy't Wu en Mac sketse: “Hm, seit Wu, op 'e syk grif nei de wylde man yn himsels, dy't hy der te faak ûnder hâlde moat?” Mar in essinsjeel sels bestiet net en dat beheint de kar foar in oar libben: “In libben dat bygelyks moarns syn tol freget, dat ynset of ferbrasset en dan jûns by in whiskey mei de útslaggen komt. Alles hat syn útslach, Mac.”

It krêftich ynhâld jaan oan de kearnelementen fan it koarte ferhaal, toan, stim en stemming, as minsklike belutsenens en ferwûndering, makket it feuilleton ta in ûnkonvinsjoneel en delikaat keunstwurk.

Auteur: Aggie van der Meer

Titel: Ho Wu en Misty Mac

Utgjower: Grotesk, Amsterdam, desimber 2016

ISBN: 978 90 825762 1 4

Priis: € 10,00

Friduwih Riemersma

Boomstraat 32d

1015 LC Amsterdam

020 693 86 31

friduwih@gmail.com